

Dorpscanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjaerddyk



© Foto Atse Bruin

It gemaal oan de Tsjaerddyk


Yn 1511 is Goffa Renckaz boer oan de Tsjaerddyk (no nr. 21) en wurdt in stik lân súdlik fan'e buorkerij, "in die Meeren" (it Marlân), sa beskreaun:

*Item III ponden hoijland , leggende buijten dick , die noerdereijnd lopt op an Goffa grasland , die swdereijnd lopt **in die hol**.*

'Hol' betsjut "lege sompe" en dit lân kin, sûnder te bemeallen, allinne mar as healân brûkt wurde. Nei't yn 1533 de earste Fryske wetterskippen oprjochte waarden, is hjir dan ek in mûne boud dy't it wetter út de leechlizzende sompe omheech nei de Tsjaerdfeart bringt.

Yn 1832 stiet der in spinnekopmûne op de kadaster kaart súdlik fan'e Tsjaerdfeart skean foar de buorkerij op nr. 21 oer (dêr't no allinne it foarhûs noch fan stiet)

Dizze mûne bemeallet mar in part fan it Marlân. Fan'e mûne is spitigernôch gjin



Dorpscanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjærddyk

foto. Hy wurdt yn de notariële akte de “ Zwarte Molen” neamd en kin likernôch 65 hektare bemealle.

De mûne soe der útsjoen hawwe kinnen as de swarte spinnekopmûne oan de Wytmarsumerfeart by Boalsert.



foto Atse Bruin



Om it gebiet tusken it “Hart” en Folsgeare bemealle te kinnen, steane der trije mûnen.

Molekaart

Mûne 1 is in lytse spinnekop dy't likernôch 20 hektare bemealde. Dizze stie tsjin de buorkerij op Tsjærddyk 17 oer.

Mûne 2 is de earder neamde “Zwarte Molen”.



foto Tresoar

In spinnekopmûne is in lytse wynmûne mei in flecht (lingte fan twa wjukken tegearre) fan likernôch 8 oant 15 meter. Hy is geskikt foar de bemealling fan lytse polders. Troch de ienfâlt fan de mûne is er maklik te betsjinjen. De kop (boppenhûs) mei dêroan de wjukken kin horizontaal draaie, wêrtroch de kop mei it wjukkekrús sa draaid wurde kin dat de wjukken it bêste de wyn fange kinne. De

Dorpsanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjaerddyk

fjouwer- of achtkantige ûndertoer (ûnderste part) stiet fêst. Troch in holle koker rint de keningsspil fan de kop nei de ûndertoer, dêr't de overbringing sit nei de fizele of it skeprêd.

Mûne 3, de "Grootte molen", is in achtkantige boppekroader. Dizze bemealt likernôch 80 hektare. De mûne stie tusken Tsjaerddyk 29 en 31 yn.

foto: argyf Feike Boschma



Yn 1926 wurdt it wetterskip 't Marlân oprjochte. Dit wetterskip fan goed 800 hektare is ferdield yn trije bemeallingsrûntes wêrfan de rûnte Folsgeare 395 hektare grut is. It wetterskip lit troch architekt A. Hoekstra út Snits in gemaal ûntwerpe. Dit elektryske gemaal wurdt boud op it plak dêr't de swarte spinnekopmûne stie en wurdt yn 1927 yn gebrûk nommen. De twa oare mûnen binne hjirtroch oerstallich wurden en ferdwine út it lânskip.

De ynstallaasje fan it nije gemaal bestiet út in elektrysk oandreaun skroefpompke. It gemaal hat in fjouwerkant grûnplan en is oplutsen yn stiens metselwurk fan gielbrune bakstien yn steand ferbân. Oan trije kanten is in stielen rût mei roeden ferdieling. Oan de foarkant is in houten doar. It gemaal wurdt ôfdutsen troch in tintdak mei reade Fryske golfpannen en in fentilaasjekap yn de nok.



foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjaerddyk



It skjinmeitsjen fan de wetter oanfier.
foto argyf DB

It wetter út it Marlân wurdt troch it gemaal omheech pompt nei de Tsjaerdfearth dy't it Fryske boezempeil hat.

De Fryske boezem is it oaniensletten stelsel fan marren, kanalen en fearten yn Fryslân mei in fêst doelpeil fan -52 sm N.A.P. By beslút fan 23 novimber 2021 hat it Algemien Bestjoer fan Wetterskip Fryslân in revyzjepeilbeslút fan de Fryske boezem opsteld en bliuwt -52 sm N.A.P. hanthavene.


Oersjoch Fryske Boezem mei wichtichste oan- en ôffiermiddelen. It gemaal oan de Tsjaerdfearth is in lyts rêd yn dit grutte gehiel.

Yllustraasje út Revyzjepeilbeslút Fryske Boezem fan Wetterskip Fryslân



De Tsjaerdfearth is om 1927 hinne noch in breed farwetter dat ek troch de skipfeart brûkt waard

LC 27-05-1927



STREMMING - SCHEEPVAART.

Het BESTUUR van het waterschap „de Scherwolder en Morrahommen” maakt bekend, dat de scheepvaart in de Tjaerdfearth vanaf 30 Mei tot en met 11 Juni e.k. is GESTREMD. Vanaf laatst genoemden datum kan deze vaart gedurende twee maanden alleen met vaartuigen kleiner dan zeven ton worden bevaaren.

Het bestuur voorn.:
K. BREEUWSMA, voorzitter.
A. HOEKSTRA, secretaria.

Dorpscanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjaerddyk

Yn foargeande iuwen waard de Tsjaerdfear, yn 1781 noch “ Oud Vaart ” neamd, troch te slatten iepen holden foar de skipfeart.

LC 25-08-1781

DAar word gepræsenteert by de Minstaanneemende te besteede : Het Slatten van circa duizend Roeden Vaart, lopende van Folsgeare af tot aan Nieuwland de Oud Vaart genaamd. Wie hier aan gadinge heeft, kome op Zaterdag den 1 September 's morgens præcys om 10 Uur te Folsgeare; zullende de besteedinge by de Vaart langs geschieden.

Daer word gepræsenteert by de Minstaanneemende te besteede : Het Slatten van circa duizend Roeden Vaart, lopende van Folsgeare af tot aan Nieuwland de Oud Vaart genaamd.

Wie hier aan gadinge heeft, kome op Zaterdag den 1 September's morgens præcys om 10 Uur te Folsgeare; zullende de besteedinge by de Vaart langs geschieden.

Yn 1858 wurdt de feart de Tsjaerddykster opfeart neamd.

V A A R T S L A T T I N G.

Op Dingsdag den 29 Junij 1858, des voormiddags ten 11 ure, zal in het Gemeentehuis van Wijmbritseradeel, bij inschrijving en opbod, in het openbaar worden aanbesteed :

Het slatten van de Tjaerddijkster Opvaart, loopende van af de Bolswarder Vaart tot aan het Brugje in de Buurt te Folsgeare, ter lengte van 3910 ellen.

Het bestek van die slatting zal ter lezing liggen in het Gemeentehuis voornoemd en ten huize van E. G. Couperus te Folsgeare, van af Donderdag den 17 Junij 1858, terwijl de aanwijzing in loco zal plaats hebben op den dag vóór de aanbesteding, te beginnen des voormiddags ten 9 ure in het dorp Folsgeare.

LC 15-06-1858



Fan de Tsjaerdfear is no net folle mear oerbleaun as in smel sleatsje en dit sil, as der neat bart, fierder ticht groeie.

foto: Atse Bruin

In 1979 wordt het waterschap 't Marlân opgeheven en gaat het over in het nieuwe waterschap “ De Middelsékrite “.


Ruilverkaveling Wymbrits haalt ruime meerderheid

LC 08-02-1991

It gemaal oan de Tsjaerddyk

7 desimber 1991 wurdt yn Drylts de
“ ruilferkaveling Wymbritseradiel”
oannommen. Hjirûnder falt ek it gebiet it
Marlân dêr’t it gemaaltsje oan de
Tsjaerdfearst stiet.

Postúm wurdt it earste nije gemaal fan de
ruilferkaveling by Atsebuorren, oan de Ald
Rien, nei him neamd.



Kaart ruilferkaveling 1990
Argyf: Siep van der Velde

Yn it kader fan de ruilferkaveling lit dit nije wetterskip yn it Marlân as ferfanging fan û.o. it gemaal oan de Tsjaerdfearth by Tjaerddyk 21, in nij gemaal mei in gruttere kapasiteit oan de Rige by de Boalsertferth delsette.

Dorpscanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjaerddyk

Het bestaan van de gebouwtjes is eindig. Met dank aan de technische vooruitgang worden de oudste pomphuisjes, die veelal tussen 1920 en 1930 zijn opgetrokken, meer en meer overbodig. Een nieuw computergestuurd gemaal kan immers met gemak het werk van vijf oude aan. Vooral in ruilverkavelingen sneuvelen ze bij bosjes. In het landinrichtingsgebied Wymbritseradeel zal het landschap bijvoorbeeld de komende jaren van zeker twintig gemaaltjes afscheid moeten nemen.

De capaciteit fan de âlde gemalen is te lyts en de gebouwsjes binne oan ferfanging ta.

LC 23-02-1994



Nij gemaal, boud yn 1996, oan de Boalsserterfeart mei it bemeallingsgebiet it “ Marlân “

foto: fotograaf onbekend / zie site NGS

It wetterskip “De Middelsékrite “ giet yn 1997 oer yn it wetterskip “Marne-Middelsee”.

As gefolch fan it nije gemaal oan de Boalsserterfeart, is it gemaal oan de Tsjaerddyk oerstallich wurden. It wetterskip wol yn 2002 ôf fan it ûnreplik guod dat net mear brûkt wurdt. Dêr falt ek it gemaal by Tsjaerddyk 21 ûnder. Feike van der Velde lêst yn de krante dat it gemaaltsje oan de Tsjaerddyk sloopt wurde sil. Bertus Walsma, foarsitter fan doarpsbelang, freget it wetterskip oft der mooglikheden binne om it gemaaltsje oan de Tsjaerddyk te behâlden. De ponghâlder fan doarpsbelang, Teerdze Lanting, stelt fêst dat der gjin finansjele middels binnen om it gemaal te ûnderhâlden.

Dochs kriget doarpsbelang de kaai, in hurdstiennen plakette ta oantinken oan de doetiidske ‘Heren in het bestuur’ en in oamkplakette fan gielkoper fan’e fabrikant fan de motor fan it gemaal. Nei de oerdracht wurdt it gemaal opknapt, stikkene rútsjes ferfongen, in nije doar pleatst en it nedige skilderwurk dien. It is in stil monumint dat minimaal ûnderhouden wurde sil. Yn 2004 wurde alle wetterskippen yn Fryslân ûnderbrocht yn in nij wetterskip “Wetterskip Fryslân “ en dit wetterskip draacht yn 2008 it gemaal oer oan de “Stichting Waterschapserfgoed”.

Dorpscanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjaerddyk

Bertus Walsma is mei pensioen gongen en hat oanbean om it stik lân fan it gemaaltsje te meanen, frij fan túch te hâlden en yn'e gaten te hâlden dat it gebou goed ûnderhouden bliuwt. Hjirta hat hy fan it Wetterskip in trimmer en



foto: Atse Bruin

brânstof krigen. De rottige hiem ôfskieding mei it lân fan Jillings wurdt noch ferfongen.

De tagong nei it gemaal giet oer it lân fan dizze Jillings, wêrtroch it spitigernôch net frij te besjen is. Bertus Wol graach dat de reidseame ynkoarte wurdt sadat it gemaal fan'e de Tsjaerddyk ôf better te sjen is.

It doel fan de „Stichting Waterschapserfgoed“:

Fryslân stie destiids fol mei âlde wynwettermûnen dy't it wetter út'e polders mealden om it lân drûch te hâlden. Moderne gemalen, dy't net mear ôfhinklik binne fan'e wyn, hawwe dizze die niet meer afhankelijk zijn van de wind, hebben deze karakteristieke mûnen oerstallichmakke. In soad fan dizze mûnes binne yn'e rin fan'e tiid ferlern gien.

De „Stichting Waterschapserfgoed“ hat in tal wynwettermûnen behâlde kinnen. De Stichting is ek eigner fan in pear besûndere gemalem en oare wettersteatkundige dy't restaurearre binne. Dêrnjonken besiket de Stichting guon objekten in nije bestimming te jaan.

Mei stipe fan Wetterskip Fryslân en oare oerheidsynstânsjes slagget it de Stichting om dizze prachtige objekten foar de takomst te bewarjen. Sa bliuwt de skiednis fan it wetterbehear yn it Fryske lânskip sichtber en taastber.



foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

It gemaal oan de Tsjaerddyk

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, argyf Feike Boschma, argyf Siep van der Velde, argyf doarpsbelang Folsgeare, Tresoar

Kranteartkelen : Ljouwerter Krante

Kaartsjes: Kadaster, Molekaart

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.